

Opdracht B

1. Hoe neamt Popkema yn par. 4.6 de ynfinitiven op -n?
2. Wat is de Fryske namme dêrfoar? Sjoch byneed yn bylage 1 fan Popkema.
3. Hoe hyt neffens bylage 1 fan Popkema de ynfinityf op -e?
4. Yn hokker fiif situaasjes wurdt neffens de reader de ynfinityf op -n brûkt?
5. Popkema neamt fjouwer fan dy fiif. Hokker binne dat?
6. Wêr yn Fryslân wurdt de fyfde konstruksje wol brûkt en wêr net?
7. Der is noch in sechsde situaasje dat de ynfinityf op -n brûkt wurdt, nammentlik mei 'fine': 'Ik fyn har wol moai sjongen', 'Se fûn it wol moai lykjen'. Fynsto sokke sinnen goed?
8. Witsto wat de noarm oer sokke sinnen mei 'fine' seit?
9. Op hokker klank en letter einiget it mulwurd fan -je-tiidwurden?
10. Jou ris alle notiids- en doetiidsfoarmen fan 'regelje' en 'tekenje'.
11. Lis út wêrom't 'Ik hoop dat it slagget' gjin goed Frysk is.
12. Binne de folgjende tiidwurden transityf of yntransityf?
 - a. meitsje
 - b. gûle
 - c. fervje
 - d. skrikke
 - e. siede
 - f. sliepe
13. Hoe soest de folgjende sinnen yn it Frysk oersetten?
 - a. Ze bleef maar praten.
 - b. We blijven rustig zitten.
 - c. Ze kwam bij ons eten.
 - d. Ze kwam de kamer in stuiven.
 - e. Mijn broer gaat trouwen.
 - f. Mijn broet gaat naar huis.
14. De hitende foarm ('gebiedende wijs') is yn it Frysk hast altyd gelyks oan in oare tiidwurdfoarm. Hokker is dat?
15. Hokker fjouwer tiidwurden hawwe in ôfwikende hitende foarm? Hokker fan dy fjouwer falt bûten de skriuwtaalnoarm?
16. Meitsje de taheakke leskes út De Stipe.